Examenopgaven VMBO-GL en TL

2003

tijdvak 1
woensdag 28 mei
09.00 - 11.00 uur

FRIES CSE GL EN TL

FRIES VBO-MAVO-D

Bij dit examen hoort een tekstboekje.

Dit examen bestaat uit 44 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 48 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten maximaal behaald kunnen worden.

300005-572-507o

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

TEKST 1 FOPPE DE HAAN, IN BYSÛNDER GEWOAN FRYSK MINSKE

1p ● **1** Wat is it ûnderwerp fan tekst 1?
A De prestaasjes fan SC Heerenveen
B Hearrenfean-foarsitter Riemer van der Velde
C It boek fan Eppie Dam
D It libben fan Foppe de Haan

1p ○ **2** Yn alinea 1 krijt Foppe de Haan gjin bynamme.
→ Wat wol de skriuwer dêrmei sizze?

1p ● **3** Wa wie, as it om de leafde foar it fuotbal giet, it grutte foarbyld foar Foppe de Haan?
A Gerrit van Stralen.
B Leo Beenhakker.
C Riemer van der Velde.
D Rinus Michels.

1p ● **4** Yn hokker alinea wurdt de titel fan tekst 1 it bêste útwurke?
A alinea 2
B alinea 3
C alinea 4
D alinea 5

1p ○ **5** “Eppie Dam giet ek yn op de skramkes, de kerfkes yn Foppe syn siel.” (r.23)
→ Neam in omstannichheid út de jeugd fan Foppe de Haan dy’t ynfloed hân hat op syn funksjonearjen fan no.

1p ● **6** Wat wurdt yn rigel 32 bedoeld mei in ‘kultueromslach’?
A SC Heerenveen krige Foppe de Haan as trainer.
B SC Heerenveen krige Fritz Korbach as trainer.
C SC Heerenveen wie in profklub wurden.
D SC Heerenveen wie in semi-profklub wurden.

1p ● **7** Hoe ferrint, neffens de tekst, de karrière fan Foppe de Haan?
A Gimmestyklearaar, haadtrainer, jeugdtrainer, haadtrainer.
B Gimmestyklearaar, jeugdtrainer, haadtrainer, foarsitter.
C Haadtrainer, gimmestyklearaar, jeugdtrainer, foarsitter.
D Jeugdtrainer, gimmestyklearaar, jeugdtrainer, haadtrainer.

1p ● **8** By hokker alinea begjint it ferhaal oer Foppe de Haan by de SC Heerenveen?
A alinea 4
B alinea 5
C alinea 6
D alinea 7

1p ○ **9** “Ja, soks bestiet fansels nergens en it is ek hast ûnwerklik.” (r.38-39)
→ Op hokker sitewaasje slacht dy útspraak?

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

1p ● **10** Lês de folgjende twa bewearingen.

I De A-junioren fan de SC Heerenveen wurde alle kearen mei de auto nei de training brocht.

II SC Heerenveen hat in eigen fuotbalskoalle.

Binne dy bewearingen neffens de tekst wier?

A Ja, de bewearingen binne beide wier.
B Nee, de bewearingen binne beide net wier.
C Bewearing I is wol wier, mar bewearing II is net wier.
D Bewearing I is net wier, mar bewearing II is wol wier.

1p ● **11** Mei hokker alinea einiget it ferhaal oer Foppe de Haan by de SC Heerenveen?

A Alinea 10
B Alinea 11
C Alinea 12
D Alinea 13

1p ● **12** Hoe skriuwt Eppie Dam yn syn boek oer Foppe de Haan?

A Kritysk.
B Negatyf.
C Neutraal.
D Wurdearjend.

1p ● **13** Hoe skriuwt Sybe Joostema (de skriuwer fan tekst 1) oer it boek fan Eppie Dam?

A Kritysk mar ek mei in bytsje wurdearring.
B Neutraal en ôfhâldend.
C Wurdearjend mar ek mei in bytsje krityk.

1p ● **14** In skriuwer kin yn syn tekst gebrûk meitsje fan:

I Feiten.
II Syn eigen miening.
III In oar syn miening.

Hokker fan dy eleminten binne yn tekst 1 brûkt?

A I en II
B I en III
C II en III
D I, II en III

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

TEKST 2 WIJSMULLER WURKET ÛNDER DEENSKE FLAGGE FIERDER OAN 'HOLLANDS GLORIE'

1p ● **15** Yn r. 1 stiet: "In protte minsken hiene it der eefkes dreech mei."
Wêrom soe dat sa wêze?
A Omdat de âlde namme Wijsmuller út de direksje ferdwine sil.
B Omdat de famylje Wijsmuller allang net mear baas fan it bedriuw is.
C Omdat de priis foar it sleepfeartbedriuw Wijsmuller sa heech liket te wêzen.
D Omdat in bûtenlânsk bedriuw it ferneamde Nederlânske Wijsmuller oernaam hat.

1p ○ **16** → Lis út hoe't alinea 2 oanslút op alinea 1.
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.

1p ○ **17** Yn alinea 2 jout algemien direkteur Michiel Wijsmuller in opsomming.
→ Wat is it doel fan dy opsomming?
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.

1p ○ **18** Yn alinea 1 stiet dat de oername fan Wijsmuller wolris in negatyf effekt ha kin op de Nederlânske seefeartskiednis.
→ Sitearje in sin út alinea 2 dy't in mooglik posityf effekt fan dy oername werjout.

1p ● **19** *Lês de folgjende bewearingen oer skipfeartbedriuwen, dy't foarkomme yn de alinea's 1 o/m 4.*
I Maersk is in Deenske rederij, ynternasjonaal besjoen it sterkste bedriuw yn it kontainerferfier.
II Svitzer is it sleepfeartbedriuw fan Maersk.
III Wijsmuller, it ferneamde Nederlânske sleepfeartbedriuw, is oernaam troch Svitzer.
Wat kin sein wurde oer dizze trije bewearingen?
A Bewearing I is wier, de bewearingen II en III binne net wier.
B Bewearing II is wier, de bewearingen I en III binne net wier.
C Bewearing III is wier, de bewearingen I en II binne net wier.
D De bewearingen I en II binne wier, bewearing III is net wier.
E De bewearingen II en III binne wier, bewearing I is net wier.
F De bewearingen I en III binne wier, bewearing II is net wier.

2p ○ **20** → Lis út wat der yn alinea 3 bedoeld wurdt mei "Letter … kontainerfeart" (r.10-12).
Brûk yn de útlis it wurd 'dochs'.
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.

De folgjende ynlieding heart by de fragen 21 en 22.

> De tekst is te ferdielen yn trije haadparten:
> Part 1 giet oer de emosjonele kant fan de oername fan Wijsmuller.
> Part 2 giet oer de finânsjele kant fan de oername fan Wijsmuller.
> Part 3 giet oer de bedriuwsrisseltaten fan Wijsmuller yn de lêste jierren.

1p ● **21** Mei hokker alinea begjint part 2?
A mei alinea 3
B mei alinea 4
C mei alinea 5

1p ● **22** Mei hokker alinea begjint part 3?
A mei alinea 6
B mei alinea 7
C mei alinea 8

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

1p ● **23** Wat is it ferbân tusken de alinea's 6 en 7?

A Yn alinea 6 giet it oer de groei fan Wijsmuller, yn alinea 7 stiet in foarbyld by dy groei.
B Yn alinea 6 giet it oer de groei fan Wijsmuller, yn alinea 7 stiet in gefolch fan dy groei.
C Yn alinea 6 giet it oer de groei fan Wijsmuller, yn alinea 7 stiet in oarsaak fan dy groei.

1p ○ **24** Yn alinea 7 stiet dat Wijsmuller yn de jierren '90 fan de foarige ieu minder oan bergingsaktiviteiten die as dêrfoar.

→ Lis út wêrtroch as dat kaam.
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.

1p ● **25** Wat is it ferbân tusken alinea 7 en alinea 8?

A Yn alinea 7 stiet dat Wijsmuller de maritime tsjinstferliening fersterke, yn alinea 8 stiet in foarbyld dêrfan.
B Yn alinea 7 stiet dat Wijsmuller de maritime tsjinstferliening fersterke, yn alinea 8 stiet in gefolch dêrfan.
C Yn alinea 7 stiet dat Wijsmuller de maritime tsjinstferliening fersterke, yn alinea 8 stiet in oarsaak dêrfan.

1p ○ **26** → Op hokker wize slút de ynhâld fan alinea 11 oan op dy fan alinea 2?
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.

1p ● **27** Hokker doel hat Michiel Wijsmuller foaral by it beantwurdzjen fan fragen fan de sjoernalist, dy't tekst 1 skreaun hat?

A Hy wol de lêzers ynformaasje jaan oer de oername fan Wijsmuller.
B Hy wol de lêzers oantrune om nei de oername oandielen fan it bedriuw te keapjen.
C Hy wol de lêzers oertsjûgje fan in stânpunt omtrint de oername fan Wijsmuller.

1p ● **28** Wat is de haadgedachte fan dizze tekst?

A Wijsmuller is te djoer oernaam troch in te lyts sleepbedriuw út Denemarken.
B Wijsmuller krijt in Deenske eigner, mar bliuwt op fertroude wize trochwurkjen.
C Wijsmuller sil ûnder Deensk behear noch bettere risseltaten helje as eartiids.
D Wijsmuller sil yn de takomst noch mear de klam lizze op maritime tsjinsten.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

TEKST 3 SLACHTOFFERHULP FRIESLAND HELPT MINSKEN YN NEED.

1p ● **29** Hokker groepen minsken hâldt Slachtofferhulp Friesland him, neffens alinea 1 en 2, mei dwaande?

A Slachtoffers en neibesteanden.
B Slachtoffers, neibesteanden en tsjûgen.
C Slachtoffers, neibesteanden, tsjûgen en feroarsakers.
D Slachtoffers, tsjûgen en feroarsakers.

1p ● **30** I Alinea 2 giet oer de doelstelling fan Slachtofferhulp Friesland.
II Alinea 2 giet oer de organisaasje fan Slachtofferhulp Friesland.
Hokker fan boppesteande bewearings is/binne wier?

A I is net wier en II is net wier.
B I is net wier en II is wier.
C I is wier en II is net wier.
D I is wier en II is wier.

2p ○ **31** Yn alinea 2 wurdt sprutsen fan geastlike en materiële skea.
→ Sitearje 2 sinparten út it tekstpart alinea 3 en 4, dêr't gefolgen fan geastlike skea yn neamd wurde.

1p ○ **32** Nei alinea 2 giet it yn tekst 3 noch mar om ien groep minsken, dêr't Slachtofferhulp Friesland him mei dwaande hâldt.
→ Hokker groep is dat?

1p ● **33** I 80% fan de slachtoffers fan misdriuwen en ferkearsûngemakken dêr't de plysje mei te krijen hat, wurdt troch de plysje trochstjoerd nei Slachtofferhulp Friesland.
II 80% fan de minsken dy't om slachtofferhelp freegje, is troch de plysje trochferwiisd nei Slachtofferhulp Friesland.

A I is net wier en II is net wier
B I is net wier en II is wier
C I is wier en II is net wier
D I is wier en II is wier

1p ● **34** Hokker kopke past it bêste boppe de alinea's 3 en 4?

A Eigen reaksjes.
B Harkje en helpe.
C In harkjend ear.
D Oangripende ferhalen.

1p ○ **35** "It oanhearren fan it ferhaal fan minsken dy't wat slims meimakke hawwe, is in hiel belangryk ûnderdiel fan it wurk…"(r. 21/22).
→ Hokker foarbyld wurdt der yn it tekstpart alinea 5 en 6 jûn fan wat Slachtofferhulp Friesland sels docht foar de slachtoffers?
Brûk foar it antwurd net mear as 10 wurden.

1p ● **36** Hokker kopke past it bêste boppe de alinea's 5 o/m 7?

A Begelieding en training.
B Beropskrêften en frijwilligers.
C Rjochtsaken en ynstânsjes.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

1p ● **37** I Alle meiwurkers binne oeral ynsetber.
II Meiwurkers hawwe somtiden sels ek immen nedich.
A I is net wier en II is net wier.
B I is net wier en II is wier.
C I is wier en II is net wier.
D I is wier en II is wier.

1p ○ **38** → Sis mei eigen wurden wat Ineke Verveld bedoelt mei “It emosjonele ferhaal is hjir faak in ‘binnenkomer’”. (r.51).
Brûk foar it antwurd net mear as 20 wurden.

1p ○ **39** → Sitearje in sin út it tekstpart alinea 1 en 2, dy’t de haadgedachte fan tekst 3 goed werjout.

1p ● **40** Wat is it wichtichste doel fan de skriuwer fan tekst 3?
A De lêzer aktivearje om frijwilliger te wurden by Slachtofferhulp Friesland.
B De lêzer ynformearje oer Slachtofferhulp Friesland.
C De lêzer oertsjûgje fan it nut fan Slachtofferhulp Friesland.

TEKST 4 ARGEOLOGEN: BATAVEN BEHEARSKEN IT LATYN

1p ● **41** Hokker typearring past it bêste by alinea 1?
A It is in anekdoate út it libben fan de Bataven.
B It is in gearfetting fan in wichtige, histoaryske stúdzje.
C It is in wichtige konklúzje fan in argeologysk ûndersyk.

1p ● **42** Yn r.4 stiet it wurd “triomfantlik”. Dat betsjut: “mei in gefoel fan oerwinning”.
Wêrom hawwe de Amsterdamske argeologen sa’n gefoel?
A Omdat Nederlanners eartiids mear prestearden as oant no ta tocht waard.
B Omdat no bewiisd is, dat de Bataven like yntelligint wiene as de Romeinen.
C Omdat sy by opgravingen prachtige fynsten dien hiene, lykas in unifoarm.
D Omdat sy eardere, minder positive yndrukken oer de Bataven wjerlizze kinne.

3p ○ **43** Yn alinea 1 stiet, dat de Bataven gjin barbaren wiene (sjoch r.3).
→ Hokker ferbân bestiet tusken dizze konstatearring en de ynhâld fan de alinea’s 2 en 3?
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.

1p ○ **44** Yn r. 3 stiet “barbaren”. Dat wurd betsjut û.o.: ûnbeskaafde minsken.
→ Sitearje in sinpart út de tekst, dat in foarbyld jout fan barbaarsk gedrach.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.